

# WOBBEL FEN SMELLE-IE,

DOOR

J. G. VAN BLOM.

(Voorgedragen in de Vergadering van het Friesch Genootschap  
van Geschied-, Oudheid- en Taalkunde, gehouden  
den 9 October 1843.)

---

Mijne Heeren! Zeer geachte Medeleden!

Meermalen heb ik mij zelven met bekommerring de vraag gedaan: Zal onze Friesche taal in leven blijven? Of zal zij, als eene verschoveling, vergeten wegsterven? Van alle zijden terug gedrongen, heeft zij slechts een klein plekje voor haar bestaan overgehouden. En op dit kleine plekje wordt zij nog met zorg geweerd uit kerk en school, uit raad- en regtzaal. Daarbij komt nog, dat de zoogenaamde beschaving haar ook tracht weg te drijven uit de samenleving, niet alleen in de steden, maar ook uit alle aanzielijke kringen ten platten lande, waar men het somtijds, helaas! als een bewijs van opvoeding wil doen gelden, wanneer men bij haar binnentrede haer den rug toekeert, en, met een zeer voornaam voorkomen, zegt: »Ik ken de deerne niet.”

En toch, zij is zoo schoon, zoo beminnelijk, dat zij het dubbel verdient, om gekend te worden.

Zou het ons niet mogelijk zijn, M. H.! haren dood te verhoeden? Ons Genootschap wil het beproefd hebben.

Onze wetten schrijven ons voor, dat wij haar in de zamenleving zullen inleiden. En tot mijnen troost meen ik ook te mogen ontwaren, als ik de tijden vóór het bestaan van ons Genootschap vergelijk met de tegenwoordige, dat de kring, waarin onze lieveling wordt toegelaten, zich van lieverlede heeft verruimd, en dat zij meer en meer onder alle standen wordt gewaardeerd en bemind.

Deze opmerkingen, M. H.! zijn weder geschikt, om onzen kommer te matigen, en om ons aan te sporen, om met moed op het ingeslagen pad voort te gaan.

Maar — deze vraag is ook wel eens bij mij opgekomen — hoe moeten wij onze schoone kleeden, als wij haar in een gezelschap willen voorstellen? Moeten wij haar dan allen tooi, aan vreemden ontleend, afnemen, en haar alleen opschikken in de dragt van hare bet-over-oud-grootmoeder? Maar zouden wij hierdoor ons en haar niet bespottelijk maken? Hoe! zal men de Friesche maagd, in tegenstelling van hare bevallige Hollandsche zuster, die naar de mode gekleed gaat, en die wel eens het rood harer wang verhoogt met uitheemsch blanketsel, — zal men de Friesche maagd, als zij zich aan beschaafde menschen moet vertoonen, optooijen als eene matrone uit vergetene eeuwen, en hare bloeijende koonen bestrijken met de tanige kleur eener mummie? Ik denk er zoo niet over, M. H.! Laat er een lintje of een strikje aan haar tooisel zijn, dat zij van anderen heeft afgezien, laat de snede van haar kleed in bevallichen vorm met den tijd zijn meegegaan, in mijn oog kan haar dit niet ontsieren, of hare waarde verminderen. Integendeel, ik geloof, dat zij daardoor met meer wel gevallen in beschaafde kringen zal worden opgenomen.

Tot mijn genoegen wordt deze mijne wijze van zien door ons Genootschap gedeeld. In onze wetten is toch uitdrukkelijk aan de Leden van de Derde Afdeeling, waartoe ik de eer heb te behooren, voorgeschreven: »*De instandhou-*

» ding van het nog aanwezige der Friesche volksstaal, en  
» de beoefening der Friesche proza en dichtkunst."

Ik heb mijne zwakke krachten beproefd, M. H.! om u, naar mijne inzigten, in deze voorlezing te tonen, dat ik gaarne aan mijne, mij door de wet opgelegde, verpligting voldoen wil. Ik zal u een weinig rijmelarij voorlezen in de tegenwoordige Friesche landtaal.

Als ik intusschen mijnen arbeid vergelijk met de scherpzinnige en met de welsprekende redevoeringen, die anders van deze plaats uwe aandacht boeijen, dan gevoel ik, dat ik uwe toegevendheid in eene dubbele mate zal noodig hebben. De gedachte alleen, dat gij, tot uitspanning, ook alhier, voor eenen enkelen keer, wel iets zoudt willen horen, dat de gewone gehalte mist, geeft mij den moed, mijn eenvoudig stukje aan u mede te delen; en deze gedachte geeft mij ook de hoop, dat gij mij wel met verschooning zult willen beoordeelen.

Tot regt verstand mijner rijmelarij zij het mij geoorloofd, vooraf de volgende geschiedkundige daadzaken in uw geheugen te verlevendigen.

Bij den ondergang der Saksische Regering in deze provincie, die 17 jaren geduurde had, toen de leus van *Gelderland: Vrijheid zonder tol of schatting!* in *Gaasterland* opgegaan, door het land klonk, waren de ingezeten van *Smallingerland* meest alle de Geldersche partij toegedaan. De Grietman JELLE SIKKES bleef echter den Sax nog aanhangen. Hierom zijn leven niet veilig achtende, vlugte hij naar *Leeuwarden*, van waar hij, met eenige waaghallen, in den avond van den 25 Februarij 1515, *Oudega* overviel, en in den brand stak. Bij deze dolle onderneming schoten de Grietman en zijn zoon, benevens tien anderen van zijne bende, het leven in, en verloor *Oudega* 35 huizen, die in de asch werden gelegd.

In deze zelfde tijden werd er te *Smalle-Ee*, dat tegen

\*

*Oudega* over ligt, en dat vroeger de hoofdplaats was van de grietenij *Smallingerland*, eene jaarmarkt gehouden, en wel, volgens de instelling, » des Thonnerdeis nei midfesta". Ook bestond er toen aldaar een klooster van Benedictijner nonnen, die, na afgelegde gelofte, de nonnensluijer of het *wiel*, volgens magtiging van den Bisshop van *Utrecht*, door eenen Prior werd opgezet; van welk klooster voor ons niets meer is overgebleven, dan een lindeboom, die nog welig op de kloosterplek te groeijen staat.

Als gij nu, M. H.! deze historische gegevens, door uwe verbeelding, aan uw zielsoog ter beschouwing aanbiedt, dan ziet ge te gelijk de vaste punten, waaraan ik de schering gehecht heb van het door mij vervaardigde dichtstukje, hetwelk ik U thans, zoo ik hope tot uitspanning, zal voorlezen.

## WOBBEL FEN SMELLE-IE.

Doe de sinne fen syn gloarje  
Foär de *Sax* ljir net meer blonk,  
In, nei santjin jirren scynens,  
Uetdaowe yn 'e kymmen sonk;

Doe de leus fen *Gelders* Hartoch,  
Dij yn *Gaesterlân* opteach:  
*Frijheit* sonder tol aef scattin!  
Jubeljend oer *Fryslân* fleach;

In dij tiden libbe ien famke, —  
Moai, sa as ir nearnje wie, —  
Op de aod *Small'ngerlânsce* haedpleats,  
't Nou forgetlene *Smelle-IE*.

'k Wol wat fen dit famke sjonge,  
Ieuwen rees foär ues forlern;  
In de sciednis ljir forhelje  
Fen dit alder-ljeafste bern.

Uet 't geslacht fen Grytman HERA,  
 Wier hja net fen glâns ontbleat:  
 Mar de deuchden fen har ynboärst  
 Heeg'ne meer har as har steat.

Boärtlik in oanminnich , wier se  
 Ljeaweling fen 't heule gea :  
 Al wat libbe gong , as 't nead wier ,  
 Foär dij ljeaw'ling yn 'e dea.

Lyk as 't sintsje , yn tsjust're dagen ,  
 As 't him troch 'e wolken wyn't ,  
 Blydscip bringt oan alle kanten ,  
 Wer syn frjeunlik ljæcht mar scynt ;

Sa brocht æk 't *Smelle-Iester* famke  
 Oeral frenchde in blydscip mei ;  
 Wer har frjeunlikke eachjes blonk'ne ,  
 Faeg'ne hja de soärgen wei.

Wa 't ir yn it gea æk wenne ,  
 Elk hie'n pleatske yu har hert ;  
 Ljeaf hie WOBBEL alle minseen :  
 Mar fen frïjers wist se net.

't Heule gea kee æk it lietsje ,  
 Dat hja selwers makke hic.  
 Elk wier ear as hja 'r is njuente :

#### 'T FROLIK FAMKE FEN SMELLE-IE.

It libben lest my wonder scoon :  
 Ik wyt fen gjin fortriet ;  
 In fen 'e moärne ta de joon  
 Sjong ik altyt myn lied.  
 In komme soärgen my bynei ,  
 Den donsje ik har gau uet 'e wei.

Ja ! 't libben lest my wonder scoon :  
Ik sjong altyt myn lied !

Ik wyt net wat dij fammen sceelt ,  
Dij suchtsje dei oan dei :  
As my it ien æf 't oar forfeelt ,  
Den sjong ik dat mar wei.  
In as m' ien frijer strikken spant ,  
Den scon ik dij mar gau oan kant.  
Ja ! 'k wyt net wat dij fammen sceelt :  
Ik sjong de ljeafde wei !

It frije foegeltsje yn it waod ,  
Dat sjongt in flucht yn 't wyld ,  
In oan gjin ien him kepp'le haoldt ,  
Dat is altyt myn byld.  
As 't gealtsje jongen krijt yn 't næst ,  
Den klinkt syn himmelloed foär 't læst.  
Ja ! 't frije foegeltsje yn it waod ,  
Dat is altyt myn byld.

## XOOX

Sa , sa floodd're hja troch 't libben ,  
As de moäye flinter docht :  
Alle blommen wierne harres ;  
Altyt lie se wille in noct.

Mar op ierde is neat bestindich ;  
Rein folg't hjir op sinnescyn ;  
Yn de lekk're frenchde-byker  
Dript ien oar jin faek fenyn.

CUPIDO hjir iens oan 't dwealen ,  
Sjucht it moäye famke gean . —  
» Mem ! binn' jou it ? ” — ropt ir optein ,  
In blieut twiiw'ljend foär har stean.

WOBBEL hie gjin kinde aan 't jonkje,  
In forstie net, wat ir sei:  
Mar, omdat 't ien aerdich bern wier,  
Kuikt se frjeunlik him goëndei.

Derop klinkt wer uet har kieltsje  
't Lietsje, dat hja altyt song. —  
't Minne-Godtsje wirdt sa razen,  
Dat ir uet syn fel hast sprong.

» Ik sil dy dat lied forlere! —  
Swart ir daedlik by de *Stix*. —  
» 'k Sil dy yn ien rep foroarje  
» Ljeawe faem! Dat is my nix." —

Op 'e Tongsdei nei *midfesta*  
Wier it merke ta *Smelle-IE*;  
Der bedrean ir gau syn fyten.  
Hark 'r is, wat de gloepert die!

Oer it wetter kaom, fen *Aod'gea*,  
Mei syn boatsje, SIKKE æk oan;  
'n Eerste flinke, gnappe jonge;  
Grytman JELLE SIKKES soan.

WOBBEL stie der by de hawen,  
Doe syn boatsje scoude op 't lân.  
Hja beloaitse stil, mei wille,  
Ho de weachjes patt'ne it strân.

SIKKE sjucht har, hja sjucht SIKKE. —  
Blits! fijncht elk ien pyl yn 't hert! —  
Beide scrilje, beide ontriere. —  
CUPINO gniist om har smert.

» Nou sjongst dou dat lied net langer,  
» Ljeaf, wjerstrabbich, aerdich djear!"

*WORBEL FEN SIKKE-IE.*

Ropt ir spottjend , wyls 't ir weifjacht ;  
 In min sjucht de guet net meer. —

**WORBEL** stie all'heul bedwelme ;  
 Scamte kleurt mei bloed har wang ;  
 't Each , dat oars sa vrij jin aanseach ,  
 Wirdt foärdelslein , blea in bang.

Krekt as hie se wat misdreauwen ,  
 't Ljeawe bern ! sa gloept se wei.  
**SIKKE** , krekt as hja forboeke ,  
 Sloept har stiltsjes esternei.

As nei moäye waerme dagen  
 Yn 'e joon ien onwaer broeit ,  
 In , foär dat de tonger losbrekt ,  
 Minsce in djier fen hjittens gloeit ;

Sa as den de boärst jin swoeget ;  
 't Swit jin hinget yn it hier ;  
 In ien wargeus , alle lea troch ,  
 't Amjen makket bang in swier ;

Sa wier 't eek mei **SIKKE** in **WORBEL** :  
 Hymjend , ængstich , omtrint flau. —  
 De iene knijpt de doek de kiel ta ;  
 De oare wirdt it ulf ta nau.

Derby komt ien wond're ontriering ,  
 Dij him troch 'e lea forbred't ;  
 Beide smachtsje , beide siikje  
 Romte , stille in iensumheit.

**WORBEL** dwealt lâns 't kleaster hinne ;  
 In ien huew'ring scodd't har lea ,  
 As hja oan 'e nonnen tinkel ,  
 Foär 'e scijne wraod as dea.

Werom scrijt hja nou fen 't kleaster?

Toezen reis gong hja dit paed;

In den song se blij har lietsje,

Yn it koele beamte-scaed.

Mar nou driet ien t'sjustere ængstme

Fier har fen dit Godsgesticht. —

Yn ien ticht beplante boskje

Fielts se eerst 't boärstsje wat forlicht'.

Der gjit se op ien beamstam sitten;

Makket ulf in doekje los;

Lit de wyn har boez'me pattsje,

In forjeye hjittle in blos. —

Gean de weachjes nou wat stiller

In har fel ontried gemoed?

Wirdt it amjen nou wat rommer?

Jaecht de koarts net meer troch 't bloed?

Ja! 't is al wat oan 't bekommen:

Mar dij moäye Grytmans soan

Tsjoent syn byld har stees foär eagen .....

Himmel! — sels komt hy der oan! —

Wat hjur nou yn 't boskje foarfoel .....

~~Æf~~ 't se ir bleauwene ..... In ho let .....

Wat se sey'ne ..... Wat se die'ne .....

Dat forklapts myn sjongster net. — —

Mei forbazing sjucht it jongfolk,

Doe it soe ta keamer gean,

As ien wondere forscyning,

SIKKE in WOBBEL by har stean.

WOBBEL is all'heul foroare:

Ljeafde fage it frije wei;

Mar har wæzen glanz't fen wille,  
As ien moäye foärjiersdei.

In hja hinget om har SIKKE,  
As it wynsel om 'e beam,  
't Libb'ne byld fen nofflik tsjinjen;  
't Blijje hynzer aan 'e team.

Nei ien nacht fen freuchde in wille,  
Patisjend, donsjend, bar om bar,  
Trochbrocht, drieut de blijje dage  
SIKKE wer mei 't boatsje oer 't mar.

Hoef ik 't nou wol to forheljen,  
Dat de feint faek boädscip lie  
Yn it gea, der WOBBEL wenne,  
By syn famke ta *Smelle-IE*?

Joons den seach min 't boatsje kommen.  
WOBBEL wachte al lang oan 't strân;  
In by 't uet it scipke stappen,  
Joe se SIKKE blij de hàn.

Den, den kuir'ne hja ta gjerre,  
Lokkich, sillich, toezenfaod;  
Kâtsjende fen ljeafde in minne;  
Waerm, al blies de wyn aek kaod.

As den SIKKE, foär it læste,  
WOBBEL noch 'r is patte hie,  
Song ir frolik yn syn boatsje,  
As ir wer op 't wetter wie:

### WOBBELKE.

It moäiste famke  
Is WOBBELKE fen 't gea;

As 't jonge lamke,  
 Sa sæft in tsjep fen lea.  
 'k Sjuch nearnje, wer 'k myn eagen wein,  
 Nin scijinner byld, sa fier as hein;  
 Nin frisker kleur, nin kanter lea:  
 Myn WOBBELKE is, fen 't heule gea,  
 It alder-moäiste famke.

It fluchste famke  
 Is WOBBELKE fen 't gea;  
 As 't jonge lamke,  
 Sa flink fen liif ia lea.  
 It fljucht har alles fen 'e hân;  
 In rint in ljept hja troch it lân,  
 Nin gæske krock't, nin blom lit scea:  
 Myn WOBBELKE is, fen 't heule gea,  
 It alder-fluchste famke.

It ljeafste famke  
 Is WOBBELKE fen 't gea;  
 As 't jonge lamke,  
 Sa derten in sa blea.  
 Hja laket altyt lyke blier;  
 Is altyl fol fen wille in tier;  
 In altyt fjoerich, smoek in blea:  
 Myn WOBBELKE is fen 't heule gea,  
 It alder-ljeafste famke.

It beste famke  
 Is WOBBELKE fen 't gea;  
 As 't jonge lamke  
 Sa docht se nimmen quea.  
 Mar as har de ondeuchd lægen leit,  
 Eat foel æf doebelsinnichs seit,  
 Den wirdt it ljeawe famke quea:  
 Myn WOBBELKE is, fen 't heule gea,  
 It alder-bestе famke.

Blier in moai wier nou 't foärnestsicht  
 Foär dit ljeawe , jonge pear : —  
 Mar ien freeslik drüichjend onwaer  
 Pakt him aan 'e kymmen gear. —

Och ! wat lie de minsce ien wille ,  
 As hy fredich libje koe !  
 In , him mei syn lot fornoeyend ,  
 Net nei macht æf greatheit stoe !

Den smiet hy , yn razernije ,  
 Noait syn lok in libben wei ;  
 In hy scoörde , yn syn fordjerren ,  
 Noait , o jammer ! de onscild mei.

Yn syn stjerren , bliest de *Sax* noch ,  
 Doem in wyld , yn 't twadrachts fjoer ,  
 Dat aan 't daowjen , deadsk noch ljaechtet  
 Oer it ein fen syn bestjcer.

**SIKKE**'s heit , de *Sax* noch ta-dien ,  
 Wyls 't yn heule *Small'ngerlân*  
 Elk syn hope set op *Gelder* ,  
 Sjucht de fæste boärger-bân ,

Dij him aan syn folk forbynet ,  
 Woast forscoörren ; in de nead  
 Drieut him mei syn soan nei *Ljeauwert* ,  
 Om t' ontgean ien wrede dead. —

Der sit **WOBBEL** nou forlitten ;  
 Jerder widdou noch as vrou.  
 Och ! de moäye , blije breidskroan  
 Dilst it swarte floers fen rou !

Alle blydscip , alle wille  
 Teach fen har mei **SIKK** wei.

Drowich suchtsjend , tinkt se daechliks  
It forfleine lok noch nei.

Treurjend sjucht min se alle jonnen ,  
Winskjende har ljeaf ta-ræch ,  
De eagen wiet , op 't wetter tuerjen ,  
Ælt se soms syn boatsje æk sæch.

Mar æk alle jonnen gjit se  
Treast'leas , krytend , wer nei hoes ,  
Ont de gure kaode winter  
Fæst har opsluet yn har kloes.

Nou is 't winter , boete in binnen ;  
Oeral drowich , dof in leadsk.  
As de loft is WOBBEL's siel æk  
Mistich , tsjuster , kaod in deadsk.

Oars op 't iis sa fluch as 't swealtsje ,  
Tinkt se nou om ryden net ,  
In har moäye gledde redens  
Blieuwe , onoanrierd , yn it fet.

't Flaex , dat se oars mei 't lipke wjritte ,  
As se aan 't snoärjend wieltsje siet ,  
Hoeft nou sa net meer besocht'ge :  
Och ! har trjinnen meitsje it wiet.

Deadlik kroeft de tiid sa hinne :  
Sân wyke is 't al nei nijjier.  
Nou wirdt WOBBEL op ien jontiid  
't Hert fen drowenis to swier.

» Och ! » — ropt se uet — » ho wol 't nou komme !  
» 't Drukt m' as lead hjir op 'e boärst !  
» O ! myn onk wirdt fæst noch swierder !  
» 'k Fleach nei Ljeauwert , as 'k mar doärst ! —

» Hark ! is dat gjin klokke-klipjen ? .....  
 » In ta *Aod'gea* ? ..... Gau nei 't strân ! .....  
 » Himmel ! help ! ik sjuch it laochjen !  
 » Oeral stijt it yn 'e brân ! ” —

Mar wa sil hjir *Aod'gea* helpe ?  
 Riedleas blieut min by 'n oar stean :  
 't Wetter is mei iis besloërr ;  
 Mar to swak om oer to gean.

» Himmel ! help har ! ” — jamm'ret *WOBBEL* , —  
 't Leed forscoërt har ljeawjend hert ; —  
 't Wirdt har dildleas ; — hja beswymet ,  
 Heul oerstjelpe troch 'e smert. —

Opheind troch , har ljeawjende , earmen ,  
 In op 't sæfte legerlein ,  
 Wirdt eerst yn har eine keamer ,  
 De eagen wyld yn 't rone stein.

Mar aoftobbe in warch is 't lichem ;  
 Net bestân tsjin dizze læst.  
 Nei wat woeljen in wat wraemjen  
 Fält hja einling yn 'e ræst. —

Sjuch ! der boärtet op har wæzen  
 Sæft de laeits. Hja 's yn bewaod ,  
 (Frÿ fen ierdsee soärch in smerte ,)  
 Fen 'e droom'ne-tower-wraad.

*SIKKE* sjucht se wer mei 't boatsje  
 Farren oer 't *Smelle-IE*'ster sâñ ;  
 In hja toewet wer , mei blydscip ,  
 Har ljeaf fríjer op it strân.

Mar ho nuwer ! in ho wonder !  
 Sinkt hy der mei 't boatsje wei ?

Komt ien bloed-kleur der op 't wetter?  
Hjert se der ien near geklei?

Stjit hja sels yn nonne-klaeying? —  
't Gjit har koad oer al har lea. —  
Né! — net wier! — Der is wer 't boatsje,  
SIRKE komt by har yn 't gea.

» Wolkom SIRKE! » ropt se frjeunlik,  
» Ljeafste kom hjir oan myn hert! » —  
Mar syn han is kaod in izich;  
Uet syn wæzen sprekt de smert.

In uet djippe, brede wonen  
Klokt it bloed; in djip in hol  
Klinkt ien slimme har yn 'e earen:  
» 'k Bin formoärde; farre wol! » —

Yslyk scriljend wirdt se wekker,  
Boete raesde it stoärmgelued:  
Mar hja hjert nei stoärm noch wynsleach,  
In fliucht kjirmijend 't leger uet.

» SIRKE! SIRKE! Ijeawe SIRKE! » —  
Gält se it heule hoes yn 't roon:  
Mar siicht, sa op nij oerspanne,  
As ien lyk wer op 'e groon.

Foeler raest in beert de stoärm;

Scoërt in brekt in kniest it iis;

Wrieut it op elisjoar ta moärsel;

Boecht de bjemmen as ien biis;

In bliest, as mei dealsce wille,  
Aeklik byljend, yn 'e flamm',  
Dij yn Aodegea sa woedde, —  
Ont de dei syn kreft him nám. —

Nou is 't welter vrij in iepen.

Henl *Smelle-IE* tsjucht gau fen lân,  
Om fen *Aod'gea* mie to heljen,  
In to helpen ta de brân.

Mar wat scrik toew't hjir de helpers!

*Aod'gea* is fen jammer fol:  
Moard in brân brocht JELLE SIKKES  
Juster-joon, sa grym as dol.

As ien tyger, gloepjend, sloepjend,  
Wier hy stil fen *Ljeauwert* kàm  
Mei syn binde, dij, as diwels,  
Fjoer in stiel ta wapen nâm.

Oeral waerre ir scrik in ængstme,  
De ien fleach hjir in de oare der.  
Swird in piik in roer in hjæfoärk  
Wier'ne freeslik yn 'e wer.

Op it klippen fen 'e klokken  
Fleach *Garyp* in *Nygea* oan.  
Nou laci'n gau by tolef deaden  
Æk de Grytman mei syn soan.

Mar wol siif in trylich hoezen  
Wirddene æk yn jiskelein.  
Wyld in woast in doem wier d'oanslach:  
Mar forserikk'lik wier æk 't ein.

Mei dij tynge flucht ien scipke  
Wer oer 't welter nei *Smelle-IE*,  
Der min om it lot fen *Aod'gea*  
Dead'lik noch onræstich wie.

WOBBEL hjert, wat hja rees wiste.  
't Doch har britsen hert net seer:

Koe æk 't onk noch meer har boekje;  
Djipper wone koe 't net meer.

Ja , God weitset oer ues minsken !  
Nei ien bange in swiere dei  
Nimt de sliep fen de earme lyder  
Alle læst in moëite wei ;

In de flyme fen 'e jinspoed  
Rikt net fjirder as sa fier.  
Doof in fielleas wirdt de siele ,  
Drunkt it onk ues al to swier.

**WOBBEL** is ien libb'ne deade :  
Sjende in hjerrend': — blyn in doof , —  
Der se sit æf stijt , — as ney'le ; —  
'n Earm forweesd , forlitten sloof.

Dit , dit doërret wyken , moänner :  
Altyt blieut har siele ontsteld ;  
Ont se , yn 't bychtsjen , aan ien Pryster  
Har benaunde droom fortelt.

» O ! myn dochter ! dat 's Gods finger ! ” —  
Ropt de heil'ge man fol fjoer , —  
» O ! jou binne ien uetforkoarne ,  
» Oan Gods heil'gen ljeaf in djoer ! ”

» Né ! gjin ierdsee breug'man hjert jou ! —  
» Dij hat God al ta Him nâm : —  
» Der ta woe jou KRISTUS liede ,  
» Dat syn breid sa ta Him kâm ! ”

» Bid ! oanbid dij heil'ge lieding !  
» Tankje foär 't opleine krues !  
» O ! lâns tsjust're , wond're wægen  
» Bringt de Heer syn berntsjes t' hues ! ” —

Optein hjert hja nei de warden ,  
 Dij de heil'ge Godsman seit ;  
 In nou fielt se æk selwers ropping  
 Ta de steat fen Himmel-breid.

Och ! hja is de wraod nou aofstoarn !  
 Noait jout dij har 't lok werom :  
 Ræst jout 't kleaster har allinne ,  
 Yn syn freedsum heilichdom.

Nei de need'ge foarberieding ,  
 Scinst de Prior har it *wiel*. —  
 Nou , foriend mei heil'ge nonnen ,  
 Daelt de fré wer yn har siel.

Lyk as 't tiere , moäye blomke , —  
 Boete heal forscroeid , forwaeid ,  
 Troch 'e sinne in twirre-fleagen , —  
 As 't ien myld're loft omaet ,

Yn ien ljæchte in waerme keamer ,  
 Sæfikes opfleur't , knopp't in bloeft ,  
 In , syn foarich leed forjittend ,  
 Stil uet nije soppen groeit ;

Sa wier 't æk mei 't famke yn 't kleaster  
 Stil in froed gong hja har paed ,  
 In hja koe sa ræsilik sitte ,  
 Krekt as hie se winske in wâd.

Op har dea-bæd kåm noch ewen  
 Foär har geest de wraod werom .  
 Dwyljend ropt se , yn har forscieden :  
 » **SIKKE!** Ijeawe **SIKKE!** ik kom ! ” —

Ond'r 'e lynde , by it kleaster ,  
 Fynt , nei har bestel in læst , —

't Ijeaw'lings plakje fen har libben , —  
Æk har sielleas staof de ræst. —

WOBBEL's biente is lang formoage ;  
't Kleaster lang yn puen forgean :  
Mar de Ijeaw'lings beam fen WOBBEL  
Blient noch op syn woärtel stean.

Ja ! wat æk de tiid fornielet ,  
In hijr weisert op syn stream :  
Altyt waex't , op 't sté fen 't kleaster ,  
Noch dij möaye lynde-beam.

